

Eric Hoekstra

Sjoch de minske: Ding of Geast

Eric Hoekstra spruts freed yn Ljouwert foar mear as 200 lju, en middeis op 'e Jouwer foar mear as 100, yn it ramt fan 'e Akademylêzingen. Hy joech in lêzing oer it boppenatuerlike en de grinzen fan 'e wittenskip in it algemien en fan de geasteswittenskip yn it bysûnder. Nei de lêzing fan 3 kertier wie it skoft, en dêrnei waard der noch trije kertier oer dit nijsgjirrige ûnderwerp trochpraat mei it publyk.

Yn syn lêzing joech er earst yn rûge halen de histoaryske eftergrûn fan 'e opkomst fan 'e materialistyske wittenskip, en spruts oer de Ferljochting, dy't sterk anty-geastlik wie, oan de hân fan in Fryske fertsjintwurdiger fan 'e Ferljochting: Balthasar Bekker en syn bestseller *De Betoverde Wereld* (1691). Op reis by de grinzen fan 'e wittenskip lâns bedarre er mei syn publyk by riedsels oangeande:

- it ûnderbewuste, automatyske learprosessen en ûntspoaringen (ferslavingen);
- de oanwêzigheid fan 'e frije wil - net yn it bewustwêzen mar - yn it ûnderbewuste;
- hast-dea-ervaringen en mienskiplike hast-dea-ervaringen;
- wûnderlike genêzingen en gebedsgenêzing en it placebo-effekt;
- en by einsluten fertelde er koart wat oer mystike ûnderfiningen, ien fan himsels ynbegrepen.

Grutte fragen waarden efkes oantipt: is der in Grutter Gehiel en is dat in Ding of in Persoan? Hat God in morele diminsje? Besteane Goed en Kwea? Wêrom leauwe hast alle kultueren yn boppenatuerlike barrens lykas dat men bylden fan 'e takomst hawwe kin (profesy), faak troch dreamen? Neffens Hoekstra is it materialisme fan ús tiid net allinne mispleatst, mar ek gefaarlik foar de takomst fan in minskweardige, rjochtfearde maatskippij.

CV: Eric Hoekstra is geasteswittenskipper mei as spesjalisme taal (taalkunde, letterkunde). Hy wurket by de Fryske Akademy.